

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2008**

→ 081231

Ynliding

Foar ús bestjoer hat it in bannich jier west. Troch nau op te arbeidzjen mei Renze Valk (skriuwer RfdFB), Jaap van der Bij (foarsitter RfdFB), Pier Bergsma (foarsitter Pedagogysk Wurkferbân FA) en Reinier Salverda (direkteur-bestjoerder FA) hawwe wy in wiidweidich 'Oanfalsplan Frysk' skreaun en mei harren de grûnslach lein foar in saneamde ekspertmoeting op 29 okt. 2008 yn 'It Aljemint' (FA). In plan en in treffen dat hooplik in nije ympuls jout oan it ferbetterjen en fersterkjen fan it plak fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis en yn oare maatskiplike domeinen.

In sukses hawwe wy ek boekt mei it ferskinen fan 'De kanon fan de skiednis fan Fryslân' dy't op 11 nov. 2008 yn 'Tresoar' presintearre is. Wat wy dêr jierrenlang allegearre foar út 'e wei setten hawwe, is goed te folgje yn ús jierferslaggen fan de lêste jierren. Alle relevante ynformaasje oer oanfalsplan en kanon is ek te finen op ús webstek, benammen by de útgeande stikken (www.fryskebeweging.nl/ffu).

It is ús spitigernôch noch net slagge om genôch help te mobilisearjen om in *Fryske Underwiispriis* fan 'e grûn te helpen. Us opropen dêrta hawwe noch gjin fertuten dien. En as bestjoer binne wy te minmachtich op in protte saken tagelyk te organisearjen. Boppedat moatte wy goed op 'e sinten passe. Wy binne gjin rike feriening en krije gjin subsydje. De bestjoersleden krije allinnich in lytse fergoeding foar harren reiskosten. Omdat benammen foarsitter en skriuwer in protte op 'en paad binne foar de FFU, binne dat de wichtichste ûnkosten. Wy binne der dan ek tige wiis mei dat der noch altiten leden binne, dy't wat mear oermeitsje as de wenstige €10,-. Lju dy't ús in bedrach 'skinke' wolle, en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op de rekken fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (rekkenûmer 1123454), mei de fermelding 'ornearre foar de FFU'. De Ried soarget dan dat it wer op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De Ried is al erkend as ANBI (Algemeen Nut Beogende Instelling).

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2008 út: Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Th. Van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy. It gat yn ús bestjoer dat fallen is nei it ferstjerren fan ús skathâlder Rindert Straatsma hawwe wy net opfolje kind, al hawwe wy al kontakt hân mei immen dy't in sit oer in jiermannich faaks oannimt, mar dat no omreden fan drokte, noch net kin. Der is sadwaande noch altiten in fakatuere dêr't yn foarsjoen wurde moat en fersterking mei noch in bestjoerslid is altiten wolkom. Wy sykje minsken dy't in goed en ferantwurde plak fan ús taal yn it ûnderwiis neistribje wolle om yn oparbeidzjen mei oaren alle ynformaasje oer it Frysk as doel en middel te sammeljen en kreatyf om te setten yn konkrete aksjes. Juridyske belangstelling is in pree.

Wy hawwe ek ferlet fan minsken dy't bûten it bestjoer meiwurkje wolle oan it sinjlearjen fan misstannen yn it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer dy't oanpakt wurde moatte (swartboek-gefallen) en dêrfoar aksje fiere wolle en fan minsken dy't der mei ús foar soargje wolle dat der in ûnderwiispriis komt foar minsken en organisaasjes dy't it Frysk tige befoarderje (wytboek-gefallen).

Yn 2008 kaam it bestjoer acht kear gear by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Data: 17 jann., 14 febr., 27 maart, 24 april, 20 aug., 26 okt., 20 nov., 17 des. Op 8 maaie en 23 okt. hawwe Knotter en Hiemstra ret foar de it ferstjoeren fan de stikken nei ús leden (ferslach jiergearkomste 2007, jierferslach 2007 en de útnoeging foar ús jiergearkomste op 11 nov. 2008 te Ljouwert).

Yn de taakferdieling binnen it bestjoer is net folle feroare. Dykstra fertsjintwurdiget de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, wer yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Earder wie Hiemstra ek fertsjintwurdiger fan de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dykstra sit foar de *FFU* yn it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Frysksinige organisaasjes dy't better mei-inoar gearwurkje wolle; Hiemstra is syn ferfanger (twadde man). Hiemstra sit ek yn de provinsjale wurkgroep *Frysk en Logopedy* (gearkomsten op 20-05-2007 en 4-11-2007) om de Provinsje te advisearjen oer hokfoar Frysktalich testmateriaal oft der ûntwikkele wurde moat. Dy provinsjale wurkgroep is ein 2008 oergongen nei de Fryske Akademy, omdat de Provinsje, sûnder dêr in reden foar te jaan, dermei opholden is en de leden dochs in taak seagen op it mêd fan testen en toetsen. Dat de wurkgroep trochgiet, is ek yn it belang fan de *FFU*, benammen as it wurk ferbrede wurde kin ta Frysktalige toetsingsmiddels foar it ûnderwiis. Der binne ûnderwilens al aardich wat Frysktalige logopedyske ynstruminten ûntwikkele foar bern en grutte minsken. Gerbrandy fertsjintwurdiget ús yn de Nederlânske Kommisje fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*). Hiemstra wie syn ferfanger by ôfwêzigens, mar is ein 2007 beneamd as fertsjintwurdiger fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* (*VLLT*), dêr't er bestjoerslid fan is en ek foar yn it (lanlik) *VLLT*-haadbestjoer sit.

B. Jiergearkomste

Op 11 nov. 2008 organisearre de *FFU* syn jiergearkomste yn 'Tresoar' (Ljouwert) yn oansluting op de presintaasje fan de Fryske Kanon, dy't ús leden ek bywenje koene. It ferslach fan de jiergearkomste fan 7 juny 2007 waard sûnder wizigings goedkard en der waard grutte wurdearring útsprutsen foar it wurk fan de *FFU*. Douwe Willemsma en en Koop Scholten hawwe de kas ynoarder befûn en wurde foar de twadde kear frege om ek yn 2008 de kaskontrôle te dwaan. Us ponghâlder wurdt ûntlêstge oer 2007.

It jierferslach en it ferslach fan de jiergearkomste binne beide ek oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*. Dat jildt ek foar eardere ferslaggen.

C. Kontakten

**Oan te klikken op ús webstek*

1. Organisaasjes en persoanen

- Gearkomsten wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk', Ljouwert (P. Bergsma [Ped. Wurkferbân FA], J. van der Bij (RfdFB), T. Dykstra [FFU], S.T. Hiemstra [FFU], R. Salvderda (FA), R.W. Valk (RfdFB)): 18 jann., 7 febr., 19 maart, 27 maart, 3 april, 10 april, 16 april, 2 july, 11 july, 11 aug. (mei C. van der Meer en A. Riemersma, Mercator); 18 aug. (mei Van der Meer en Riemersma), 22 aug. (mei Riemersma), 11 sept. (mei Van der Meer), 18 sept. (mei Van der Meer), 24 sept. (mei Van der Meer), 29 sept. (mei K. Eekma [Afûk], H. Wilbers [Cedin], J. Bangma [Taalsintrum Frysk], B. Looper [Tresoar]), 13 okt. (tarieding fan ynliders ekspertmoeting en steateleden), 29 okt. (ekspertmoeting), 3 des., 11 des.;
- Fearútrikking en 'sûpke' RfdFB/Fryske Rie, Bogerman Snits: 10 jann. (Dykstra);
- Ferstjoeren jierstikken/útnoegings oan de *FFU*-leden, Beetstersweach (Hiemstra, Knotter): 8 maaie; 23 okt.;
- Logopedy & Frysk, Provinsjehûs, Ljouwert, 20 maaie (lêste kear yn prov. ferbân) (Hiemstra), 4 nov., Ljouwert (FA) (earste kear yn FA-ferbân) (Hiemstra);
- 'Fryske fiergesichten', Betinking Slach by Warns (Reaklif), mei ynliedings fan K. Huisman (Fryske kanon) en A. Riemersma ('Fryske fiersichten sjoen troch it Europees glês') (Dykstra, Hiemstra): 27 sept.;
- Fêste Kommisje Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (BZK), provinsjale lobby foar it Frysk yn de Grûnwet, De Haach, 1 okt. (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra);
- Presintaasje Fryske Kanon (Tresoar), Ljouwert, 11 nov. (Dykstra, Gerbrandy, Knotter, Van der Veen);
- Jiergearkomste *FFU*, Ljouwert, 11 nov.;
- Goofy-oerlis, Ljouwert, 04-03-2008 (Dykstra)

2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- Jubileumsympoasium Fryske Akademy 'Mei Fryslân foarút' (50 jier FA), Ljouwert (Dykstra, Hiemstra): 19 febr.;
- Fryske Fiersichten Taal, Underwiis en Soarch, Ljouwert, Provinsjehûs (Hiemstra): 19 febr.;
- Mercator, lêzings Michael Hance (Scots Language Centre) & F. Xavier Vilai Moreno (Kataloanje), Ljouwert (Hiemstra): 4 maart;
- EBLT/LC, geark. en debat mei Eurokommissaris Meartaligens Leonard Orban e.o., Ljouwert (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra, Knotter): 3 april;
- Stúdzjemiddei fan de seksje Frysk fan Levende Talen, Drachten (Singelland) (Dykstra, Hiemstra, Knotter): 10 april;
- Underwiiskundige ekspertmoeting mei de Fryske Kanonkommisje (Tresoar), Ljouwert (Hiemstra): 23 april;
- Stúdzjemiddei Fryske Akademy, Logopedyske ynstruminten foar it Frysk, Ljouwert (Hiemstra): 4 nov.

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: →) en foar (ynkommen: ←) de FFU.

Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek

Utgien:

*31-03-2008 🇳🇱 R. Cazemier: Lokwinsk mei beneaming ta direkteur Omrop Fryslân

FFU-brief oan mr. R. Cazemier mei ús lokwinken foar syn beneaming ta direkteur fan *Omrop Fryslân*. Wy steane oan op it krewearjen foar in folsleine, folweardige, lanlike, Frysktalige radio- en tv-stjoerder. It liket ús ek needsaaklik ta dat der gâns mear Frysktalige berneprogramma's útstjoerd wurde en dat de omrop in dúdlik profyl kriget op it stik fan de taalbefoarding.

*27-03-2008 🇳🇱 Meisizzenskipried basisskoalle 't Foarhûs (Drachten): 'Fries' (5)

Reaksje fan de FFU op in ynkommen brief fan de Meisizzenskipried fan 't Foarhûs dêr't yn suggerearre wurdt dat it ûnderwiis yn it Frysk neffens de rjochtlinen fan de ynspeksje jûn wurdt en dat Deputearre Steaten har gjin soargen meitsje oer it Frysk ûnderwiis op 't Foarhûs. De soargen fan de FFU binne lykwols noch lang net weinommen.

*10-07-2008 🇳🇱 Meisizzenskipried basisskoalle 't Foarhûs (Drachten): 'Fries' (7)

Twadde brief fan de FFU oan de meisizzenskipried fan kbs 't Foarhûs op in twadde, koarte, wòl Frysktalige, mar nèt-ûndertekene formele skriftlike reaksje (fan de skriuwster J. Kramer-Toering) fan de meisizzenskipried (19-05-2008) oan de FFU.

Wy skriuwe de meisizzenskipried (MZR) dat it ús muoit dat de ried en de skoalle harren fyzje op 'iepenens' nei de wrâld yn ús rjochting net wiermeitsje wolle as it om it Frysk giet, dat wy sadwaande nei oardel jier skriuwerij noch net witte hoe't it derfoar stiet mei de kwaliteit en kwantiteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal, kultuer en skiednis op 't Foarhûs en dat wy ús dus fannijs rjochtsje ta de ûnderwiisynspeksje.


*01-09-2008 🇳🇱 Deputearre en Provinsjale Steaten: ferplichting Frysk yn it mbû

Brief fan de FFU en inkelde oare Fryske organisaasjes oan Deputearre en Provinsjale Steaten oer de needsaak om it Frysk as fak, ynstruksjetaal en eksamenfak te ferplichtsjen yn it middelber beropsûnderwiis yn Fryslân.

*15-09-2008 🇳🇱 Twadde Keamer en Kabinet: It Hânfêst moat better en flugger útfierd wurde

Brief fan de FFU oer it tapassen fan it *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen* ('European Charter for Regional or Minority Languages') troch it Ryk yn it ûnderwiis en oare maatskiplike domeinen. Mei it útfieren fan de 48 bepalingen dy't it Ryk ûnderskreaun hat, is in protte mis, seit in *Kommisje*

fan Saakkundigen fan de Ried fan Europa. FFU en Fryske Rie litte De Haach dúdlik witte dat it oars en better moat.

***29-10-2008  Provinsje: OANFALSPLAN FRYSK**

Op 10 okt. 2007 hiene de Steatekommisje ‘Boarger & Mienskip’ it nije taalbeliedsplan ‘Fan Rjocht nei Praktyk, 2008-2010’ (2007) op de wurklist stean. Dêr steane gâns dingen yn dêr’t wy wiis mei wêze kinne. It is in ferbettering ferlike mei de konseptnoata ‘Better sichtber, mear fertroud’ (2006). Dêr hiene wy mear opmerkings by en ek oan de Provinsje trochjûn. ‘Fan Rjocht nei Praktyk’ beslacht lykwols mar in beheinde tiid: twa à trije jier. Oer it algemien binne der goede ambysjes yn te finen foar de provinsjale oerheden, foar soarch en wolwêzen, de foarskoalske opfang, it ûnderwiis en de ynformaasje- en kommunikaasje-technology. Wy hoopje dat se wiermakke wurde.

Dochs rjochtsje wy ús ta de Fryske Steaten om omtinken te freegjen foar in bydrage fan in ploechje fan seis minsken út ferskillende Fryske organisaasjes (twa út de *FFU*), dy’t tinke dat wy der mei it taalbelied op de wat langere termyn noch lang net binne. Minsken dy’t harren lykwols noch grutte soargen meitsje. Minsken dy’t sizze dat der hjoed de dei ek goed neitocht wurde moat oer de tiid nei 2010. Want mei ‘Fan Rjocht nei Praktyk’ en de noata’s en plannen dêr’t dêryn nei ferwiisd wurdt, kinne wy noch lang net in foldwaande antwurd jaan op de grutte gefaren dy’t ús taal bedriigje. En dat antwurd moat wol jûn wurde, om derfoar te soargjen dat de delgong fan it Frysk as libbene omgongs- en kultuertaal wer ombûgd wurdt nei in opgong. Dat freget njonken maatregels dy’t *útnoegjend* binne, ek om maatregels dy’t **ferplichtings** meibringe en dy’t de **ekonomyske** en **juridyske** grûnslaggen fan ús taal tige fersterkje kinne. ‘Fan Rjocht nei **Plicht**’, sil neffens ús it biedwurd foar de tiid nei 2010 wurde moatte.

Dat betsjut dus dat it fergrutsjen en it fersterkjen fan de **ekonomyske** betsjutting en wearde fan ús taal mear **sintraal** stean moat yn it provinsjale taalbelied. Dat kin benammen troch it Frysk ta in *funksje*- en *benamingseask* te meitsjen yn gâns maatskiplike domeinen. Dan wurdt de behearsking fan it Frysk ommers in wichtige ekonomyske faktor. En dêrmei de foarnaamste reden foar heiten en memmen om it Frysk yn de opfieding fan har bern net ôf te swarren, sa’t dat hoed de dei hieltiten mear it gefal is, mar krekt oer te dragen. Men kin der dan ommers letter yn belangrike maatskiplike domeinen in baan troch krije kin yn Fryslân: tink oan it ûnderwiis, it bestjoer, it rjocht, de soarch en guon media. Allinnich op hiel beskieden skaal sjogge wy dêr hjoed de dei wat oansetten ta, ek wol yn ‘Fan Rjocht nei Praktyk’.

In effektive fersterking fan de **ekonomyske** basis fan it Frysk sil net maklik gean as de **juridyske** grûnslaggen fan it Frysk net ferbettere wurde. In fierdere ferankering en fersterking fan de **wetlike posysje** fan it Frysk is dan in hurd betingst. Der sil wat dat oanbelanget folle mear **foech** nei de Provinsje moatte om oer sokke fûnemintele saken te kedizen. Oansetten fine wy wer yn fan ‘Rjocht nei Praktyk’. Wy tinke boppedat dat dêr ek in **effektive organisaasjeform** by heart, dy’t wy foarearst mar oantsjut hawwe as ‘Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer’.

Gebieten mei oare minderheidstalen binne ús wat de fersterking fan de *ekonomyske, juridyske* en *organisatoaryske* basis fan har taal oanbelanget, earder al foargien. Tink bygelyks oan Kataloanje yn Spanje as it grutste mindertallegebiet yn Europa mei inkelde miljoenen ynwenners en de Åland-eilannen yn Finlân mei 27.000 ynwenners, noch minder as dat Drachten hat. Dy regio’s hawwe mei in **grut eigen foech** harren taal feilich steld en in goede takomst jûn. Soks kin ek yn Fryslân, as wy it echt wolle. As de Fryske polityk der iepen foar stiet. Want de delgong fan in taal is perfoarst **gjin natuerwet**, mar it gefolch fan politike maatregels dy’t yn de rin fan de tiid tige skealik west hawwe foar ús eigen taal of foar oare minderheidstalen. Wy hawwe dat yllustrearre mei in wiidweidich útwurke noate-apparaat dat oan de ein fan ús *Oanfalsplan* te finen is. Wy hoopje dus dat de Steateleden dat part net oerslaan sille.

Dat ynsjoch soe derta liede moatte dat de opgong fan it Frysk ek wer troch de polityk mooglik makke wurdt. Dêr soene de Fryske politisy har sterk foar meitsje moatte. Net allinnich yn de tiid foar 2010, mar benammen

ek yn de tiid dêrnei. It is faaks noch net te let foar it Frysk, mar de tiid driuwt wol. Wy leverje har, neffens ús, inkelde wichtige boustiennen yn de hope dat dy goed achtslein en brûkt wurde.

Wy hawwe ús stik koartwei **Oanfalsplan Frysk** neamd, in begryp dat prof. Salverda fan de Fryske Akademy al mear as ien kear yn it iepenbier brûkt hie.

Ynkommen:

***16-04-2008** 🇳🇱 **CVO Zuid-West Fryslân (Snits): it Frysk op it Marne College yn Boalsert**

Ynkommen brief fan CVO Zuid-West Fryslân oer it twa- en meartalich ûnderwiis by de skoallen fan dy stifting, benammen yn it Marne Kolleezje (Boalsert). It is in reaksje op ús brief (d.d. 22-02-2008) oan it Kolleezje fan Bestjoer (drs. H.G.J. Steur) mei it fersyk it Frysk, lykas it Ingelsk, ek as ynstruksje- en fiertaal by (guon) oare fakken te brûken, bgl. yn it ramt fan in *trijetalich* skoallemodel (Frysk-Hollânsk-Ingelsk) foar fuortset ûnderwiis.

***19-05-2008** 🇳🇱 **Meisizzenskipried basisskoalle 't Foarhûs (Drachten): 'Fries' (6)**

Net-ûndertekene reaksje fan de Meisizzenskipried fan kbs 't Foarhûs (Drachten) op in brief fan de FFU (27-03-2007) oan dy ried. It FFU-brief wie wer in reaksje op in brief fan de meisizzenskipried (01-12-2007) op ús earder skriuwen (01-10-2007) oan harren.

***06-08-2008** 🇳🇱 **Inspectie van het Onderwijs: 't Foarhûs (Drachten) en it Frysk (8)**

Twadde brief fan de *Underwiisynspeksje* oan de FFU oer it neffens ús tekoartsjittende ûnderwiis yn it Frysk op de kristlike basisskoalle 't Foarhûs te Drachten. De ynspeksje skriuwt dat der in saneamd 'signaal' oanmakke is en dat ús soargen bepraat wurde sille mei de kontaktynspekteur fan 't Foarhûs (sjoch by *Brieven 2007, ynkommen, 29-06-2007*, om it *earste* ynspeksjebrief oan de klikken).

***18-08-2008** 🇳🇱 **Konsultatyf Orgaan: It tredde rapport fan de Ried fan Europa oer it nimmen fan maatregels foar it Frysk, de konklúzjes en oanbefellings en Keamerfragen dêroer**

It *Konsultatyf Orgaan* meelt ús (18-08-2008):

“Taheakke stjoer ik jim it tredde rapport fan de Committee of Experts fan de Ried fan Europa, útkaam op 9 july 2008. Ik wol fan dizze gelegenheid gebrûk meitsje om jim hertlik tank te sizzen foar de ynbring dy't jim levere hawwe op de harksitting mei de kommisje fan saakkundigen.”

Sjoch by 'Brieven en stikken 2007, útgien' de FFU-bydrage (fan 05-09-2007) oan de harksitting (op it Provinsjehûs) fan de kommisje fan saakkundigen ('Committee of Experts') fan de *Ried fan Europa* yn ferbân mei de útfiering fan it troch Nederlân ratifisearre *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* (2006), dat op 1 maart 1998 yn wurking gongen is.

***25-08-2008** 🇳🇱 **Tweede Kamer der Staten-Generaal: Vragen gesteld door de leden der Kamer, met daarop door de regering gegeven antwoorden over de verwaarlozing van minderheidstalen**

Keamerfragen fan de leden Atsma, Koopmans, Schreijer-Pierik, Mastwijk, Jager en De Pater-van der Meer (allegearre CDA) oer it ferwaarleazgjen fan minderheidstalen lykas it *Frysk* (ynstjoerd 16 july 2008) mei de *antwurden* fan it regear (minister Ter Horst, mei út namme fan de minister fan OCW; gearkomstejier 2007-2008, 'Aanhangsel van de Handelingen', nû. 3316) d.d. 25 aug. 2008.

***27-09-2008** 🇳🇱 **Provinsjale Steaten fan Fryslân: Ferankerig Nederlânske en Fryske taal yn de Grûnwet**

Dûbeltalige tekst (yn it Hollânsk en it Frysk) fan Provinsjale Steaten ornearre foar de wurdfierders Grûnwet fan de fêste kommisje BZK/YSK ('Binnenlandse Zaken') fan de Twadde Keamer mei it fersyk dat dy kommisje it kabinet freget dat de steatskommisje Grûnwet him, njonken de Nederlânske taal, ek bûget oer it opnimmen fan de Frysk taal yn de Grûnwet. Bygelyks om dêryn de bepaling op te nimmen: “Binnen Nederland is het Nederlands de officiële taal. In de provincie Fryslân fungeren het Nederlands en het Fries beide als officiële talen.”

***29-09-2008 🇳🇱 Commissie OCW: Tapassen fan it Hânfêst yn Nederlân**

Reaksje fan de fêste kommisje foar OCW op ús FFU- brief fan 15 sept. 2008 oer it tekoart sjitten fan it Ryk by it útfieren fan it *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen* ('European Charter for Regional or Minority Languages') yn it ûnderwiis en oare maatskiplike domeinen yn Fryslân. De OCW-kommisje sil de ministers fan OCW en Ynlânske Saken freegje om in kopy fan har andert op ús brief en dêrnei witte litte oft der noch neiere stappen dien wurde silje en sa ja, hokfoar [is oant no ta noch net dien].

***18-12-2008 🇳🇱 Ministearje fan OCW: It tapassen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen yn Nederlân**

Tige ûnbefredigjende reaksje fan it ministearje fan OCW (steatssekretaris Sharon A.M. Dijksma, De Haach) op ús brief fan 15-09-2008. It is in werhelling fan âlde sankjes. It foech oer it ûnderwiis moat dus mei gauwens nei de Provinsje.

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek. In stikmannich artikels en/of aktiviteiten fan *FFU*-bestjoersleden dy't pleatst binne of omtinken krige hawwe yn guon media.

Swingel

- nû. 20, 2008, artikel fan Sytze T. Hiemstra en Pier Bergsma ûnder de kop 'Friezen yn de oanfal!' (s. 7-9) mei in pleit foar mear aksje en omtinken foar ús 'Oanfalsplan Frysk' (*'Publikaasjes', 2008);

Leeuwarder Courant

- 18-07-2008: Pessimistyske 'Dwers' fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Ivich en erflik spul om it Frysk', oer it útfieren fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden* yn Nederlân (trede, Ingelsktalich rapport fan de *Committee of Experts*, 9 july 2008), wêrby't ek it 'Oanfalsplan Frysk' fan de *FFU* en oaren op it aljemint komt (*'Poadium', 18-07-'08).

- 02-09-2008: krantestikje ûnder de kop 'Fries verplicht in mbo' (s. 15), oer in brief fan de *FFU* oan it provinsjebestjoer. Yn it trijetalich beropsûnderwiis soe it Frysk in folweardich plak krije moatte as fiertaal, ferplichte fak en as eksamenfak (*'Poadium', 02-09-'08).

- 16-09-2008: krantestikje oer in skriuwen fan de *FFU* (mei oaren) ûnder de kop 'Friesland snel baas over eigen taal en cultuur' oer de needsaak dat kabinet en Twadde Keamer sa gau mooglik regelet dat Fryslân it foech kriget oer de Fryske taal en kultuer. Benammen yn it ûnderwiis moat noch in soad barre (*'Aktueel', 16-09-'08).

- 23-09-2008: opiniearjend artikel fan Doede Damsma ûnder de kop 'Kulturele autonomy nergens in sukses'. Damsma freget him ôf oft dat sympatike idee fan de *FFU* en oaren wol genôch is (*'Poadium', 23-09-'08).

- 27-10-2008: skôgjend stik fan Alex Riemersma (Mercator) ûnder de kop 'Relaasje mei it ryk krap om yn *Oanfalsplan Frysk*' fan *FFU* en oaren dat op 29 oktober troch sa'n sechstich saakkundigen en steateleden behannele is op in stúdzjedei yn *It Aljemint* fan de Fryske Akademy. Oer de relaasje mei it ryk stiet der te min yn, ornearret Alex Riemersma (*'Poadium', 27-10-'08).

- 07-11-2008: in 'Dwers' fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Fan ûnmooglik oanfalsplan en strategysk stappeplan'. De Groot neamt ús 'Oanfalsplan Frysk' in twangjok. Op syn bêst kin men it mei ferdrach en in protte takt besykje mei help fan in strategysk stappeplan, sa ornearret er (*'Poadium', 07-11-'08).

Friesch Dagblad

- 02-09-2008: krantestikje ûnder de kop 'Fries moet verplicht worden in het mbo' (s. 9), oer in brief fan de *FFU* oan Provinsjale en Deputearre Steaten. Yn it trijetalich beropsûnderwiis soe it Frysk in folweardich plak krije moatte as fiertaal, ferplichte fak en as eksamenfak (*'Poadium', 02-09-'08).

- 23-09-2008: opiniearjend artikel fan Doede Damsma ûnder de kop 'Fries onderwijs is er voor Nederlands kind. 'Trijetalige skoalle' is een sympathiek idee maar wel een 'second-best'-oplossing' (s. 5) oer û.o. it pleit fan de *FFU* foar ferplichte Frysk yn it mbû (*'Poadium', 23-09-'08).

- 30-10-2008: kranteferslach ûnder kop 'Friese taal vraagt om geld, recht en professionaliteit' fan de provinsjale stúdzjedei oer it 'Oanfaplsplan Frysk' fan de *FFU* en oaren. Salverda fan de Fryske Akademy pleite op dy dei foar de needsaak dy't yn dat plan oanjûn is, om te kommen ta in profesjonele organisaasje, d.w.s. in taalsintrum foar de Fryske taal en kultuer mei dúdlike taken, in helder foech en in budzjet fan inkelde miljoenen jiers, foar it Frysk yn de Grûnwet en foar in spesjale taalwet (*'Aktueel', 30-10-'08).

Webstek FFU

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide net út ein set op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy't wy fan belang achtsje foar de (oerdracht) fan de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin. It tal 'pageviews' wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378 en ein 2008 5437 (Ned., 95.5%; FS, 1,4%; Dsl., 1,2% [hast itselde persintaazje as yn 2007]; ferskate oare lannen ûnder de 1%).

Mei in fernijd webstek en (ek) in eigen domeinnamme (www.ffu-frl.eu) hoopje wy yn de takomst it tal 'besikers' omheech te krijen.

Foarútsjoch

Lykas yn de ynlieding sein, is der yn it ôfrûne jier wer gâns wurk ferset troch in navenant lyts tal minken. It *FFU*-bestjoer sil him lykwols mei gauwens ferbreedzje en ferdjipje moatte, oars is it te kwetsber. Us oprop om stipe of help (mei sinten of minskkrêft) bliuwt dus stiif oereinstean.

Wichtich is ek it ta stân kommen yn 2007 en 2008 fan in *wurdearringsramt* fan de ûnderwiisynspeksje om it basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis yn it Frysk evaluatearje te kinnen. Wy hawwe ús bydrage dêrta levere en hoopje dat it aanst fertuten dwaan sil.

Op termyn moat it ta op in ferplichting fan it Frysk yn de middelber beropsûnderwiis. Dêr sil dan ek in *wurdearringsramt* foar ûntwikkele wurde moatte.

Om it ûnderwiis yn it Frysk goed hifkje te kinnen, sille der gâns (nije) toetsingsmiddels foar de Fryske taal en kultuer (bgl. skiednis) ûntwikkele wurde moatte, om de foarderings fan en trochgeande linen by de learlingen objektyf, betrouber en falide mei fêststelle te kinnen. Wy sille dêr yn 2009 fannijs op hammerje.

Noch altiten is it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer by it *spesjaal* (fuortset) ûnderwiis net oanpakt troch de Provinsje. De kwestje sleept al jierren.

Wy hâlde oan as storein om ek yn 2009 'de polityk' op syn ferantwurdlikens te wizen.

It bestjoer

